

## Taspraak útrikking Obe Postmapriis, 12 oktober 2012 by Tresoar

Sneontemoarn 15 septimber, de dei nei it Frysk Boekefeest, de dei dus nei't ik heard hie dat ik de Obe Postmapriis wûn hie, siet ik mei myn frou en bern oan it moarnsiten. Ik sei tsjin ús Elske, fan hast 5: "Heity hat juster in pryske wûn." Se frege: "Hat heity dan ek in medaille wûn?" "Nee," sei ik. "Mar heity kin der no wol in hiele bulte keapje!"

Ik neam ús Elske hjir om't ik myn oersetting oan har opdroegen ha. Ek al is se – ek no noch – te lyts om *De Hobbit* sels lêze te kinnen of sels om der al út foarlêzen te wurden, der komt in dei, oer in jier as wat, dat se it wól lêze wolle sil – dat mei men alteast hoopje as heit. Ik wie sels yn myn eigen jongesjierren ferslingere rekke oan de boeken fan Tolkien, en letter, as studint Frysk, fernuvere ik my deroer dat ik dy boeken net yn it Frysk lêze koe. Benammen *De Hobbit* like my no krekt sa'n gaadlik boek ta om wat aardichs yn it Frysk te bieden oan âldere jongerein. Dy leeftydskategory is ommers sa krúsjaal, dêr fynt de grutte ûntlêzing foar it Frysk plak. En foar dy kategory ûntbrekt it no krekt oan genôch moaie Fryske boeken. Ik lies ferline wike yn de provinsjale kultuernota dat wy no ienkear gjin Fryske Carry Slee hawwe. De oplossing liket my foar de hân te lizzen. Lit de boeken fan Carry Slee dan oersetse. En lit oare boeken oersetse, boeken dy't dy leeftydsgroep fan, sis, 10 oant 16 jier oansprekke kinne. Boeken dy't om hokfoar reden dan ek populêr binne, om't se ferfilme wurde, of om't se tiidleas moai binne. Harry Potter, Oarlochswinter, Tolkien, de bruorren Grimm.

Mar ek al ha wy gjin Fryske J.K. Rowling of sels in Carry Slee, dochs wol dat net sizze dat wy yn it Frysk gjin mega-oplagen ha kinne, dat wy net alle lagen fan de befolking berikke kinne. Ik sis ien wurd: *kwek*. Ik ha it fansels oer de Donald Duck, dy't ik dit jier fan de Afûk oersetse mocht: 50.000 eksimplaren! Carry Slee soe it der wol foar dwaan, tink ik. Dy Donald Duck isfoar in protte lju in hebbeding foar letter, fansels, mar hoefolle bern soene dy DD ek wol net lêzen ha? It sukses fan dy Donald Duck-kampanje leit yn de krêft fan in bekend jeugdsymbol, dat oerbrocht wurdt nei it Frysk. It is de potinsjele krêft fan oersetten.

Mar mei boeken is it fansels oars as mei Donald Ducks, dat begryp ik ek wol. It kin gewoan net út, literêr oersetse. Maklik genôch. Foar de oersetter net, dy docht it út wille en ideälisme, dy fertsjinnet it jild mei websites en jierferslaggen fan de miljeutsjinst of it wetterskip. Foar de útjouwer kin it ek net út: dy docht it út entûsjasme. Jitske Kingma, myn útjouwer, hat ek gjin nije Ferrari keapje kind fan *De Hobbit*; se rydt noch altyd yn de âlde, dy earne stumper... En fansels set men oer foar de eare fan de prestaasje en de erkenning fan de Fryske mienskip.

En wat is it dan moai dat der in middel is om sokke eare mei te ferlienen: in literêre priis! En wat is it moai dat der in orgaan is dat de Fryske mienskip fertsjintwurdigje kin: de provinsje! In provinsjale literêre priis! Dat is dan ek wier wat oars as in – mei alle respekt – partikuliere literêre priis. It fielt as brede erkenning fan de wrâld om jo hinne, de wrâld dêr't jo diel fan útmeitsje, dy't jo betsjenje wolle. In provinsjale priis, dat betsjut ek hiel wichtige PR foar in oersetter én foar in útjouwer, it hellet alle regionale kranten en nijssites. It stie sels yn de

*Groninger Gezinsbode!* No, dêr seagen de buorlju en myn fuotbalmaten yn Grins mar nuver fan op, dy hiene noch nea heard fan de “*Ûbelebûbelepries*”, sa’t er no yn Grins wol neamd wurdt. Mar safier rikt dus in provinsjale priis. Jitske hat de jûn fan de bekendmakking de rêden al yn gong set om in nije edysje te meitsjen, dy’t binnen in wike op de planken lei, mei in folslein nij omslach, yn hardcover en softcover, mei in stimpel derop: “Winner Obe Poastmapriis 2012”, en in steapel boekposters derby, op A3-formaat. Binnen in wike! Dat docht in provinsjale priis.

Ik ha okkerwyks begrepen dat twa provinsjale literêre prizen sneuvelje sille, de Fedde en de Obe. It hoe en het dêrfan gean ik hjir net op yn, der binne oaren dy’t dêr mear doel oer ha en der better oer prate en skriuwe kinne as ik. Ik bin der fansels wol wat mei oan, dat begripe jim wol. De Obe is my grif wol gund, mar is er dan de muoite fan it behâlden net mear wurdich? Dat is sûnder mis net wat de bedoeling is fan de nota, mar dat is al it gefoel dat it yn my teweech brocht. Ik kin net oars as hjir sizze dat ik hoopje dat it safier net komme sil. De Obe is in stimulâns foar in befleine oersetter. In befleine oersetter is in stimulâns foar de Fryske taal. Ergo: de Obe is in stimulâns foar de Fryske taal. En de Fryske taal, dêr is it ús – hjir allegearre yn Tresoar oanwêzich – om te dwaan.

Mar it is hjoed feest. Dus yn stee fan te beklamjen hoe spitich ik it fine soe as de Obe sneuvelje soe, beklamje ik leaver hoe freeslik wiis ik bin mei dizze erkenning fan de Fryske mienskip, fan de provinsje Fryslân. Ik tankje de advyskommisje dan ek fan herten foar harren positive wurdearring en de moaie wurden fan it sjueryrapport: Marijke de Boer, André Looijenga en Hein Jaap Hilarides. As Hein Jaap jo ris mailt mei de fraach “oftst ek in pilske drinken komst op it Boekefeest” – gean dêr dan net op yn, want it kin samar wêze dat jo net mei in pilske yn de hân oan de taap, mar mei it swit yn ’e hannen op in poadium telâne komme.

Yn it oersetproses ha ik help hân fan Jeroen Bakker, Bert-René Luimstra, Baukje Westra en myn frou Tina. Ik tankje har allegearre foar harren help en feedback. Jitske Kingma bin ik der tankber foar dat syn myn boek útjaan woe: ik koe mei myn oersetting nearne telâne, mar wol by Jitske – wa’t debutearje wol, moat by Elikser wêze! Trije minsken neam ik noch apart: Jarich Hoekstra, dy’t myn oersetting op in protte wichtige, strukturele knyppunten ferbettere hat mei syn kommentaar; ús heit Jan Popkema, dy’t dat ek dien hat, en dy’t my boppedat, mei ús mem, in lytse 25 jier lyn op it spoar fan Tolkien set hat. As lêste neam ik Liuwe Westra, dêr’t ik by it oersetten gâns in protte mei oerlein ha. Hy wie ommers tagelyk dwaande mei in Tolkien-oersetting, dy fan *The Lord of the Rings*, wêrfan’t it earste diel ferline jier lyn útkaam is. Ik bin der wiis mei, Liuwe, datst net nôch hurder wurke hast, om dyn boek al yn 2010 ut te bringen, want oars hiesto hjir miskien wol stien, en ik net. Ik sjoch bot út nei diel twa en trije fan dyn masterlike oersetting.

Ik tankje as lêste jo, deputearre De Vries, en fia jo de provinsje Fryslân, dat jo it advys fan de kommisje oernaam ha en my de provinsjale Obe Postmapriis foar literêr oersetten takenne wolle. Ik bin der hiel wiis mei en ik fiел my oantrúnd om troch te setten mei myn oersetwurk.

Ik ha sein.